

Wer ofreizge nei Tanzania, nei in lange tiid fan neitinken oft ik no wol koe, woe of soe?? Earst soe de ambulance yn novimber klear stean, doe yn febrewaarje, doe miskien yn maart?? Wy soene him der bringe dat wiene de plannen doe't wy de aksje begûnen, dy't mear as in jier duorre hat. Ik wit noch wol, ferline jier op myn jierdei dat Dinie fan Zzg skille dat de Wilde Ganzen mei dwaan soene. Fûn dat sa'n moai kadootsje. Dêrnei is hy besteld yn Gibraltar dêr't ek de Dokters Sûnder Grinzen harren ambulances ynkeapje en as dizzen foar human brúkt wurde kinst der reduksje op krije. De ambulance soe no yn 'e haven wêze, begjin april te Dar es Salaam. Douwe van Barneveld fan it Zeister Zendings Genoatskip dêr't wy as Stichting Tryntsje Beimers mei gearwurkje hat him der mei bemuoid en kaam no te witten fia mister Mulu dy't it ynklearringswurk die, dat de ambulance klear stean soe op 9 april.

No sit ik hjir mei Anneke Witteveen yn 't fleantúch fan Turkisch Airwais, 5 april krekt myn jierdei noch fierd en ús 45 jier troud wêzen op 25 maart. Anneke har heit hat ús nei Skiphol brocht en sa fleane wy op nei Istanbul. It is sa'n 4 oeren fleanen, dêr trije oeren wachtsje en dan noch sân oeren fleane. Wat slûgje, wat ite en drinke en dan dale wy langsum en kamen dêr midden yn 'e nacht oan; om goed trije oere stiene wy de nachts op de Airport fan Dar Es Salaam. Wy moasten dêr ús fisa ek noch keapje, kosten 50 dollar en doe op nei de útgong dêr't wy hopen dat Moses of Saul of dochs Elia ús opwachtsje soene.

It wie doe al sa'n 4 oere en 6 april, mar noch gjin Moses te bekennen, miskien in grapke, stie er earne ús te besjen hoe sneu wy seagen, mar dat woe ús eigentlik net oan, hy wie der altyd as der minsken ophelle wurde moasten. Us telefoan die it ek noch net, der moat earst in oare simkaart yn, dus koene wy him ek net belje? Ja dochs in helder momint: wy freegje immen oft wy dy telefoan efkes brûke mochten. En ja dêr wie Moses alhiel ferbjustere ...I am coming!! Nei in healoere dêr hiest him, hy skamme him sa, hoe koe dat no ..ja it is no 6 april en dat hie hy goed troch krige. Yes that is true mar hy hie dat net goed foar 't snotsje. Ja wy wiene no yn Afrika en waarden direkt op 'e proef steld.

Wy bedarren yn in hotel dêr't Moses syn ferbliuw hie en ha ús noch lekker in skoftke deljûn. Troch gemekker waarden wy wekker. De islamitische befolking waard oproppen om te bidden... Men skalt de hiele stêd oer dat der bidden wurde moat, dat sil wol, mar wy wolle noch graag efkes sliepe. Doe ha wy ús yn 'e klean stutsen, in licht jurkje koe wol oan, de waarmte streamde ús temjitte. Wy seagen dat wy midden yn Kariko terjochte kaam wiene, It drokste diel fan de Big City, it krioelde dêr al fan minsken, rinnende handelslju dy't harren winkel mei drage, wy neame dat rinnende winkels, fytzers, motors of yn de tuck tuck, sa'n trijetsjiller. In sear gefarieard publyk skarrele foar ús lâns, wylst wy op it balkon sieten te brea-iten. It wie smoarhyt en noch mar op 'e moarn. Lokkich kinne wy beide goed oer de waarmte dus dat past moai. Nei ús stevige moarnsbrogge fan in útsmiter brocht Moses ús nei 't Salvation Army dêr't twa moaie húskes foar ús klear stiene. Al gau efkes yn 'e sinne sitte mei faktor 50 op ús blanke fel, it bakt goed ta mei sa'n 30 graden gemiddeld. Anneke hie noch nea op Salvation Army (Leger des Heils)west, mar ik hie hjir faker west mei Tryntsje en oaren.

Anneke wenne op B10 en ik B11 moai ticht by elkoar. Alles sit yn sa'n húske, bêd, douche, wc, no dan rêdst dy bêst. De moarnsbrogge tusken 7 en 10 wie ek bêst genôch, der siet fariaasje genôch yn, dan wer pankoeken of oaljebollen, in aai en jam op bôle. It waarm iten koe dêr jûns ek wol mar dan moast dat sizze. De kar wie net sa grut mar wy ieten altyd lekker. De waly (rys), kuku (hin) of tjipsys, wat patat is mei wite koal as griente. Ja seker, der wie ek tomatensaus en pindasaus. Meastal dronken wy der in colaatsje by of fanta, ja wat doch je, fan wetter(út de flesse) wurdst oplêst ek sa larderich.

Earst de Salavation Army besjoen, it is in grut terrein dêr't de heilsoldaten moarns harren morning prayer hâlden, en dêr wiene mear as 600 famkes fan Zanzibar útfanhûs, dy hiene

sportdagen fan sa'n trije wiken. No sokke opslûpen bern dy wiene net stil jûns, oant 21.00 oere wiene se oan't boartsjen en moarns as de sinne wer opkaam, seis oere wiene se al wer op 'e lappen, mar hinder hiene wy der net fan wy wiene jûns ek net te let op bêd en moarns ek wer op tiid dêr ôf. Ek wiene dêr 96 gehandicapte bern, ûnder oaren ek albino bern. Se stiene moarns ier al wer klear om mei harren seremoanje te begjinnen, it folkslied sjonge, hja prebearren sa rjocht mooglik yn 'e hâlding te stean of te sitten, dan begûn de skoalle. Dêr ha wy ek in moarn west ...ach dochs de measten ha fierste grutte rollators of infalide karren en hingje mear der út as der yn...ach dochs, soks mealt je raar yn't liif om. Dochts ast habari seist, sizze se allegear nzuri (goed) en ha in glim fan hier tot gunder!!

Moarns binne de measte minsken al wer op 'e been, hearst it ferkear al wer, it gûnzjen fan sa'n 6 miljoenen-stêd dy't opfuld is mei auto's, frachtweinen, tuck tuck en foaral motors. De measten sûnder helm en mei syn allen der op: fjouwer persoanen gjin probleem?? Wat opfoel: de froulju dy't dêr op 'e dyk oan 't wurk wiene, de measten mei poppe op 'e rêch en de feger yn 'e hân yn dy gleonhjitte stêd; men toetert geregeld om alle kleinichheden dat kin allegear, dochts der binne wol polysjes; in protte froulju (rokje oer de knibbels en dêr by in pear kniekousen oan dy't aardich omheech lutsen sieten.) Hja bekeurden en warskôgen wol, ast' te hurd riedst of earne bist dêrst as auto net komme meist, dan ride se dy klem. Dat is ús taksy-sjauffeur ek oerkommen. Oeps dêr stie de mefrou de agent!!. Betale en oars komst net fuort, kinsto it net betelje, dan moat der immen komme fan de famylje, komme sa net, hast pech!! Ja hy tocht noch even dat wy de beurs lûke soene mar wy hiene it motto "wy binne wol goed, mar net gek" dat ...Wy binne doe nei it kantoar rûn fan menhear MULU. In oere rinne kin wy noch bêst, sjochst en fielst ek mear fan de sted himself. Wy rûnen in koarte rûte dat wie by it spoar lâns, no dêr wennen Jan Roppert en syn maat. Harren sliep-/wenplak wie in tinte fan plastikpûden of fan brakhout. Hja sammelen plastik flessen, no dy binne der by 't soad. Dar leit der fol mei en ek oare troep genôch te jutton. Ald izer waard by elkoar sammele en der waard wer goed spul fan laske, tja je moatte je rêde. Wy seagen dêr ek in bulbaar dy't noch op de ambulance moast, wie net sa djoer dêr, mar dochts net dien, it wie him krekt net...Mar wie wol folle goedkeaper as dy't se ús sjen lieten by de Toyota dealer.. 1.500 wie ús te djoer, dochts moat je der wol ien op ha mei al dy bisten ûnderweis. De measte kij rinne los en hûnen en bargaen en troch de rit troch it Mkuni park hast sa in gazelle of aap tsjin de auto om mar net te tinken oan in dikke oaljefant of sebra: hja ha dêr rjocht op frij paad!! It is ek in soatsje op 'e dyk: elk nimt it mei de regels net te nau en sjochtst in gatsje dan bisto de earste. Moarns earst stiet Dar al fol mei files en dat is in oere as trije wer sa dan stokt de hiele stream yn 't ferkear. Wy ha dat genôch meimakke: hast de ôfspraak om sa let klear te stean, komt de bus of taksy in pear oeren letter. It bêste is net in horloazje om te dwaan, sjoch mar nei de sinne en wit dat men net boas is ast te let komst. Wy ha ferskate kearen yn sa'n buske west, dat propfol siet, mar der kinne altyd mear by, nea is it te fol...fol is fol, jildt dêr net!! Al hingest oan de stangen as hjerringen yn in tonne. Men liet my as Bibi dochts wol faak sitte, dat wol wer, se ha ûntsach foar Bibi's en Babu's, âldere minsken. En dan dy lucht, alderferskuorrendst, ach ja ik wit wol se tûgje alles mei fan fersk fleis en fisk en net elk hat in douche en wc papier dat witte wy wol en dan dy roetswarte útlaatgassen der noch by foege, dan wit je it wol, in mûlkapke hiene wy net by ús, nee. Dêrby noch it swit dat elk by de holle en rêch del rint... Us "deo" wurke ek net mear sa as it rûke moast. Moedich stapten wy dagen efter elkoar yn sa'n buske nei de office fan mister Mulu te freegjen hoe fier it wie, wisten op 't lêst al hokker buske wy ha moasten Kariko of Posta. Moses wie altyd by ús as wy op paad wiene, hy moast mei ús ferhaal helje by de SAFI, ynklearrings foar de ambulance.

Doe't wy fan hûs giene opperen se dat hy 9 april klear stean soe en dat beaamde de sikretaresse fan mister Mulu ek, all is oké, all is fine, moai, klinkt goed, mar ik wit dat sokke tasizzingen neat opleverje, dus behâld de reserves om teloarstelling foar te kommen. Sei noch fan te foaren tsjin Douwe ik leau it net earder as dat ik it seker wit...(ik hâld myn heit syn wurden by myNije wike en dan wie't wer nije wike.)

De 9e april gie stil foarby, mar der kaam wol wer in nije dei. Wat die bliken de ambulance stie noch yn 'e haven, O justum, in tsjinfaller..Wat sizze jo noch yn de container? Yes madam, but next week it will be ready!

Wy ornearren wy moasten mar in dei fuort, de sinnen fersette, dat wy fregen Moses om mei ús nei de South Beach te gean. Ja de mzungu's moatte in bodyguard by harren ha. Dat is wol sa feilich, dat sa tûgden wy ôf, it wie in kertier faren. Doe noch mei de taksy en sa kamen wy oan nei in healoere by THE Beach. Wy wiene alhiel oeral, sa blau dat wetter fan de Indische Oceaen en de wyn sûze sa lekker. Moses gie yn't skaad sitten, ja hy wie al brún, wy lûkten hieltyd mear klean út doe't wy him net mear seagen. Hearlik dat rinnen yn 't sân en it wetter wie sa skjin en de sinne striele sa op ús hûd, oppasse, dus bist sa ferbaarnd. Op sokke strannen sjochtst wol mear muzungu's ja dy falle direkt op. Moses hong wat yn 'e stoel en passe op ús tassen, hy waard ferkâlden seagen wy wol en dat wie spitich foar him, de fleur wie der út. De taksy stie wer ree om in oere as seis, dus op nei de haven dêr't Moses nei de barbershop woe foar knippe en skeare .Wy efkes sneupe yn de winkeltjes en ja Anneke kocht in hiel moai bloeske der wie faak gjin spiegel, ik naam dan in foto fan har, sa koe hja sjen dat it har super moai stie.

Om net yn herhelling te fallen dat wy wer nei 't kantoar west ha en dat it wer tsjin it wykein rûn. Doe krigen wy in tip fan in nederlânske man dy 't op Salvation Army wurke, om ris nei Zanzibar te gean, it eilân dêr't de speserijen sa spesjaal binne, dêr't de grotten binne dêr't de slaven destiids út dreaun binne. Dit alles al besjoen, mar wy soene no mar nei in oar part. De soan fan Moses gie mei, omdat Moses dochs siik waard en it wie serieus malaria!! Dus útskeakele, dit wykein. Dizze boatreis wie mei de flugge boat mar it duorre dochs al mei al twa oeren. It reinde dat it spielde doet wy fuort giene dat wy wiene klets doe't wy op 'e boat stapt en yn de boat de airco oan dat je koene je mar yn in tekkentsje wuolje dat ik wol by my hie.... Anneke net, waard net te fit dat sy wie bliid dat se oan wâl stie. Doe waard allermachtichst oan dy lutsen en roppen, no dêr hie ik even gjin aardichheid oan, dat ik blaasde noch al wat fan my ôf..!! Yn it frysk: sodemiterje op, holp gelokkich, sa om my hinne te tyskjen ha 'k it mier oan! Ja se woene allegear wat oan ús fertsjinje fansels en tinke dat wy sels net in koffer tille kinne en ús net rêde kinne om oan in taksy te kommen. No dan wiene se oan 't ferkearde adres.... Saul liet it mar oer him hinne komme, noch net sa bedreven as syn heit Moses om soksoarte fan opdringers fan ús ôf te hâlden. Nei dat wy in healoere riden hiene op de beach bestimming oankommen... Prachtich och dit hiene se thús ris sjen moatten sa paradyslik seach it der út: palmbeammen ...bananebeammen, prachtige blommen hearlik skjin wetter fan de Indische Oceaen en in prachtich moai húske mei reid derop, wûnderschoon!!

Earst goed ynspuite tsjin de malariamiggen en doe hearlik bûten iten...Ja dêr wiene mear muzungu's, bist ek even mear kwyt as by it Leger des Heils. De jûns spulle bûten op it terras en wille dat wy hiene, efkes net oan de ambulance syn papiere-brut tocht en heeeearlik sliedt. Nei't wy de oare moarns ús moarnsbrogge op hiene, in lange strânkuier makke. It wiene allegear oare beaches en wy genoaten fan eltse minút, it wie dêr sa moaiiiiiiiii. Wy makken ek in foto by in beach dat de ``Crazy Muzungo`` beach neamd waard..no dat wiene wy, dat wie sa te sjen...heal neaken kin feitlik net, ast de rokjes oars oer de knibbel hiest, mar ja oeral brún is ek fijin en Saul wie dochs by ús, dy moast ús beskermje toch??. In bytsje te read wer by de taksy en wer op nei de wâl fan de Big City, want de striid wie noch net klear!! Sa ha wy tusken alles troch ús dochs fermakke. Spannend wie it ek wolris, soms te as wy der

op út wiene. De taksyman wie fertroud, dat sei de man fan it Leger, dus dêr sieten wy net oeryn allinne asto seis oere jûns noch earne wei komme moast en it ferkear siet wer fêst, dan giet sa'n man wolris in slûp-rûte riden en dat wie dêr dan wol hiel tsjuster, gjin inkele strjit-ferljochting.. Sa bedarren wy yn 'e efterbuerten dêr't it wol hiel drok wie en tsjuster en de dyk drek-eflich en doe rekken wy klem te sitten tusken fjouwer bussen... en der waard raasd en balten en men gunde elkoar gjin sentimeter... Wy krigen it der echt benaud fan.. dit wie te folle BLUF.... it duorre mar en o as se mar neat mei ús sjauffeur úthelje. No as wy wer even in sentimeter foarút giene, seagen wy elkoar oan: sa dat ha wy mar wer. It wie mar tsien km, dêr diene wy twa en in heale oere oer!!. Wylst bellen se fanút it Leger des Heils nei Moses wêr't wy wiene. Lokkich hie dy it tillefoannûmer fan ús taksysjauffeur Adriaan, dus koene wy sizze wy binne noch ûnderweis... Dit dogge wy noait wer, sa seagen wy elkoar oan... Wat wiene wy tankber dat wy wer tusken dy bussen wei komme koene en feilich efter de muorre sieten fan it Leger des Heils!!...De kok hie op ús wachte en wie ek bliid dat wy der wer wiene dat wol, mar hy rekke folle letter nei hûs.

Sa ha wy tusken hjoed en tomorrow libbe, it wie skeakeljen mar dat lear je wol yn Afrika en it leart je om net samar op 'e efterste fuotten te stean.

De oare deis kaam der berjocht binnen fan de luitenant Harmen dat, wy koene help krije fan de captain fan it Leger des Heils, hy hie kontakten mei wat heger steande minsken en dy soene ús flink yn 'e kaart spylje kinne, om de papieren foar elkoar te krijen.

Op 23 april bellen wy Moses ier en betiid út bêd. Come to us we want to go now to mister Mulu.. It wie as Moses ek spirit hie en dêr kaam it ferlossende papier fan de registraasje yn ús hannen te lizzen. Wol moasten wy noch in pear oeren wachtsje, dat der kloaden wy wer hinne no yn 'e streamende rein, de rioelen streamden der fan oer en Dar stie blank... Wy hiene der wol lol oan ...sûnder bluf is 't libben suffff. Koene warempel net iens oer de dyk komme dan soene wy de skuon útlûke moatte?? Handige jongens leine balkjes en sa koest droech oer komme, mar dan moast 50 shilling betelje en wat kin je dan krinterich wêze dat woene wy net jaan.. Dochs moasten wy nei gene zijde.. Doe wie der sa'n tuck tuch trije-tsjiller en ik seach dy jonge helples oan en ja hear it wurke, foar Jan noppes kamen wy oer de dyk.. Fan Anneke krige hy in tût.. dat wol.

Op kantoar de papieren mei en sa op nei de Toyota garaazje. De ambulance út de garaazje riden en diesel helle foar moarn en in selsmakke nûmerboerd, tja it offisjele registraasje nûmerboerd wie noch net klear mar op dit selsmakke boerd soene wy sân dagen ride meie. En by de earste polysje dy't ús oanhâlde koe moasten wy 30 shilling betelje, dan koene wy by de folgjende polysje sjen litte dat wy ien boete al betelle hiene en dan hoefden wy net wer de beurs te lûken!!

De oare deis stie Moses sa as ôfpraat fiif oere de moarns foar ús húskes nûmer 10 en 11B. Hy is altyd strikt op tiid as wy in safari (reis) begjinne.

Neidat wy Saul ek oppikt hiene "GIE IT OAN,, Apetrots fielden wy ús: dit ha wy dan dochs mar oprêden, wy hiene sa'n bliid gefoel by ús, alle fjouwer pffffff. Moses woe mei gong nei de Kilangala post, mar dat hiene wy net sa, lit ús a.u.b genietsje fan de rit en hy moat dochs ek noch ynriden wurde...?? Nei wer in "meeting"sa neamden wy it as wy wat bepraten, wat te dwaan, wat te litten. No Moses begriep ús en liet it fare om ien, twa dagen op de missypost te wêzen, it soene der trije dagen wurde lokkich, no koene wy kahowa(kofje) en chai(thee)stops ha wannear dat mar nedich wie. De nacht fan 23 op 24 april op in fantastyske camp sliept yn Iringa. In hiel spontane Amerikaanse frou, hja ferwolkomme ús mei in stemferheffing dat ferjst nea: se kraaide it út, doe't se Moses omearme. Se koene elkoar omdat sy de frou wie fan in maat fan Moses út syn berte-missypost Tatande (dat wie Tryntsje har earste missypost) Prachtich hûs by de rivier it rûzjen allinne al, die ús sa hearlik ta rêst kommen, nei sa lang yn

‘e stêd te wêzen mei alle te lûde lûden.

Nei in alderhearlikst miel iten leine wy jûns net al te let op bed, yn ús prachtige húskes mei reid beklaid.

Sneontemoarn in hearlike moarnsbrogge mei bôle, pankoeken en bakt aai. De meiwurkers dy’t jûns de wacht hâlden seagen wy by de sinneopkomst al oan de pankoeken. Dêrnei gie Tine ús gastfrou mei ús de berch op en nei de rivier, dêr moasten wy mei in soarte fan touter oer de rivier hinne, no dat allinne al joech de gein oan de start fan in nije fleurige dei. Nei in “A Big Hug” en thank you so much and goodbye, giene wy wer op safari op nei Mbeya . Dochs wol wer in lange rit mar wol wer sa moai, wat is Tanzania in geweldich moai lân, ik haw dizze rit al faak riden mar dochs fernuverje ik my altyd wer. Je ride oer steppe en oer golvjende ierde en de bergen dy’t beklaid binne mei prachtige beammen. Anneke en ik kinne sa fan de de beammen genietsje dat wy hiene noch wol ris in stop om in foto fan se te nimmen. Fansels je kinne net foar else wissewasje stean bliuwe, dat dy prachtige wite wolken yn dy sa heldere blauwe loft, lieten wy foar ús eagen fuort driuwe. Yn donker Afrika skynt it moanneljocht en de stjerren skitterje dêr sa helder, sa klear, dat komt dat je net oare byljochten ha, sa ferklearren wy...

Yn Mbeya sliepe wy meast al by in tsjerke, hja ha in fantastyske sliepgelegenheid en skjîn en himmel is it . 20.000,- shilling (10 euro + moarnsbrogge toast mei aai)

De oare deis 26 -4 ús lêste ein riden, moai dat Saul ek al syn rydbewiis hat, kin er heit moai ôfwikselje. Us earste stop hiene wy op Kantembo, ek in missypost dy’t wy ûnder ús hoede hawwe. Christopher is de manager dêrfan en stie ús al op te wachtsjen. Hy hie in hearlik miel iten foar ús en hie in hin foar ús slachte. Ja mennich hin leit dêr it leadsje... sa ek geiten, mar dy ha wy nei’t wy witte net hân?

Nei iten de post op en del west en by de fammen en poppen sjoen dy’t op dizze post opfongen wurde. As mem yn ‘e kream stjert komt der in faam mei, om op dat popke te passen oant hja skjîn en himmel is, sa’n trije jier, dan geane se wer nei de famylje. De jonge faam kriget Ingels, Bibel- en naailes en leart hoe’t se in lytse poppe fersoargje moat. Dêr wiene krekt twa hiele lytse prematuere popkes brocht ... mem hie ’t libben by de berte litten. Ach ja je moatte fan dizze post nei it sikenhûs ek 100 km ride en dan is ‘t samar wer te let!! It went nea, sokke dingen, ik tink sa faak, it soe hjir ris barre moatte dat de ambulance te let kaam, stiet it yn alle kranten en kaam it op it nijs!! En dêr seit men ... Bwana (god)hat it sa wollen ...no dat is mar de fraach as se by ús wenne dan.....?

Noch efkes yn Sumbawanga oan en doe op nei de missypost dêr lei de asfaltdyk oan ta. Moai toch, ja dat wol mar ik fûn dat readbrune sân hie ek wol wat, dat stowen fan ’t sân, dat slippen, dat spanningsfjild, soene wy wer los komme... Mar de minsken binne der mar klear mei, hja kinne no fatsoenlik fytse, as je dy hawwe en der komt mear ferkear, sa as buskes en men sjocht by Kilangala no ek al tuck tuck’s.. En minsken, it elektrysk komt der oan, de peallen steane al yn ‘e grûn, de tried hinget noch krekt net, mar it komt.

By de missypost stiene allegear minsken op ús te wachtsjen yn ’t tsjuster, wy waarden as helden binnen helle. Wat hearlik sa al dy goede bekenden yn je earms te sluten, al seach je net wa ‘t it presys wie, mar it fielde goed. Fan elke fiif projekten stie in “ keyleader” sa neamt men dy.

Nei alle begroetings waarden wy nei binnen helle dêr’t fan allerhande lekkere dingen foar ús klear stiene, cake en wer dy soarte fan oaljebol cahowa chai. Nei alle útlis oer papieren en de reis binne wy nei ús húske gien en ha ús foldien deljûn!

27-4 De moarns al wer in meeting mei ’t bestjoer fan de post, oer hoe’t wy de ambulance oerhandigje soene. No dêr wiene wy samar út, it moast in feest wurde en men soe frij ôf ha moatte ..

En sa barde it, dat Anneke en ik de 28-4 oan it sikenhús ier en betiid al flagjes del hongen en

de ambulance opsierden mei fryske flagjes en in fryske sticker kaam op de achterdoar fan de ambulance. Wy hiene de jûns derfoar al ús kledij útsocht dat it ferklaaien koste gjin tiid, wy wiene der klear foar... It waard al mei al wol wer goed letter.. Kilangala time, foardat wy yn 'e ambulance sieten. Ja wy soene him nei Health Centre ride hiene wy bepraten mei it besjoer en Chrispin de sekretaris soe it iepenje en ik soe de kaai oerhandigje oan Moses en en Anneke soe Jany de AID koffer jaan en dokter Adiwazy en Jeny soene de ambulance iepenje. Wy woene mei de sirene oankomme, mar dy koenen wy net oankrije, sa begûn it al, wol hiene wy de knop te pakken datst om de ambulance wat roppe kinst ...sa fan: út 'e wei, wy komme der oan. Omdat Anneke oan 't stjoer siet koe ik moai wat mei dat dinkje ompiele en rôp Furaha furaha furaha furaha.. wat bestjut wy binne sa bliid.... Doe kaam Saul by ús en sei dat ik der noch in sin efter oan sizze moast en dat wie foar my tefolle gebrabbellll, dus ik rôp mar wat fan furaha blabla bla aa gari ... Anneke krige der de sloppe laits fan dat hja koe sa net ride dus it stokte.. Doe soe se wer ride, de minsken stiene der ommers allegear op ús te wachtsjen.. Wer furaha blaa blaa gari en dêr stie se wer op 'e rem, wy hiene it doe beide net mear en ferwachten hast in wiete broek en ús mascara wie útrûn, ach toch....Saul stie mar by de auto en sei mar hoe't wy it wol útsprekke moasten, I will write this for you... Och heden gjin pen gjin papier dus rije maar... Lokkich wie men net hastich by 't sikenhûs en waard der neat oer sein dat wy te let wiene. De sjonggroep kaam ús al temjitte doe't wy útstapten en dûnsen om ús hinne, fansels dûnsen wy mei. De froulju makken mei de tonge lLulUluoeluu lûden, dat docht men as se it moai fine, sa kamen de freugdeklanken op ús ôf. En dêrnei gie it sa as ôfptraat wie. De dokter Audiwazy betanke ús tige en Jonhson en Moses hiene ek sa harren tankwurden . Thank you Holland, Thank you Stichting Tryntsje Beimers, Thank you Zeister Zending's genootschap special Douwe van Barneveld dy't mei mister Mulu fersoargje moast dat alle papieren by de ambulance kamen. Douwe syn útspraak foar ús wie: Ik sit op it finketou foar jimme!! Thank you Wilde Ganzen en fansels, Dank u wel Holland. Dêrnei dronken wy fanta en krigen wy in Maria koekje.

29-4 bekomme, opromje, rinne, noch wat foto's meitsje fan 't bernetehûs dêr't momenteel twa albino berntsjes binne dêr't men wol wat soarch mei hat fanwege iepen fel, se binne sa tear!! De lânbou gewassen, mais en beantsjes en de feestapel oersjoen, no dy fûn ik mar meager, sil it tsjin it www.solko.nl Solko bestjoer sizze. Pastory rûn mei my en die flot syn ferhaal mar liet ek witte hy hat mear steun nedich. (WA o Wa wol der ris in moai lang skoft hinne??) It sikenhûs kin in dokter ferwachtsje fan de regearing en der stie ek in suster ree, ek útstjoerd troch de regearing. It sikenhûs stiet hiel goed oanskreaun yn regio Rukwa. Hja krije ek samar kontrôle en dat is altyd goed befûn. Evangelisaasje rint goed en de VTC ambachtskoalle koe mear studinten ha dit jier. De kleuterskoalle en de legere skoalle sjogge en dogge it goed .. Sa moai dat de bern fan omkriten hjir nei skoalle kinne dank zij www.Protanz.nl

30-4 moarns goed acht oere fuort, Moses wer strak mei de tiid 15.30 yn Mbeya, 16.30 fleane nei Dar es Salaam en dêr de hiele nacht omspoke oan 3.30 oere ta. Doe koene wy ynchecke, Mar it wachtsjen fûnen wy neat net slim, der binne folle slimmer dingen as wachtsje. Wy fermakken ús bêst op't lêst mei it wurdespultsje Amsterdam dan do mei in M begjinne .. En ik zie wat jij niet ziet. Anneke en ik hiene it ûnderelkoar skoan, gjin raar ûnderbûk gefoel hân, dêr't wy beide wol gau lêst fan ha. 4.30 fleagen wy rjochting Istanbul, Turkije, dêr trije oeren wachtsje en sa kamen wy 17.30 oere goed en wol ta de útgong út yn Amsterdam, dêr't Lolke ús opwachte. It ferhaal by Sjoeke en de bern dien en doe thús oer de sliep hinne. It bad is dan sa fijn en ik bin sa tankber dat de missy slagge is en dat wy wer feilich en sûn thús kommen binne en dat thús ek alles goed is, thús is thús!!

De oare dei wer gewoan je ding dwaan: foto nimme fan de wapperjende simmerklean en hjir koest earst wol wer in trui oan, baridi(kâld), mar mei behald fan de warmte fan in prachtige foldiene reis nei Tanzania bliuwt it stil by my.

Groetnis fan Pytsje.